

TEKST 1 “IT IS FOAR MY IN FERRASSING HOE’T IT WURDE SIL.”

- 1p ● 1 Wat is it karakter fan alinea 1?
A De haadgedachte fan de tekst wurdt op foarhân oanjûn.
B De oanlieding foar it skriuwen fan *De lêste brief* wurdt beskreaun.
C Der wurdt in oersjoch jûn fan wat der yn de tekst oan de oarder komt.
D It wurk fan de skriuwster Hanneke de Jong wurdt opsomme.
- 1p ○ 2 → Wat soe de lêzer fan it boek neffens Hanneke de Jong tinke kinne ast de earste sin fan alinea 2 lêst?
- 1p ● 3 Hokker ferbân is der tusken de alinea’s 2 en 3?
A In oanfoljend ferbân.
B In opsomjend ferbân.
C In tsjinstellend ferbân.
- 1p ● 4 Wêrom hat Hanneke de Jong *De lêste brief* skreaun? (sjoch alinea 3)
A Se wol dat der mear oer it ûnderwerp selsmoard praat wurdt.
B Se wol dat lêzers mear oer it ûnderwerp selsmoard oan de weet komme.
C Se wol it tal selsmoarden troch it skriuwen fan dit boek lytser meitsje.
D Se wol oantoane dat selsmoard op elke skoalle foarkomme kin.
- 1p ● 5 Hokker bewearing is neffens alinea 3 en alinea 4 wier?
A Hanneke de Jong brûkt benammen de ideeën dy’t se nachts krijt yn har boeken.
B Hanneke de Jong fynt it net dreech om ûnderwerpen foar har ferhalen te betinken.
C Hanneke de Jong skriuwt oer alle ideeën dy’t se krijt.
D Hanneke de Jong skriuwt it leafst oer dingen dy’t op skoallen foarkomme kinne.
- 1p ○ 6 Yn alinea 6 seit Hanneke de Jong ûnder oare dat har boek de basis is foar de toanielfoarstelling.
→ Sitearje in sin út alinea 5 dêr’t itselde mei bedoeld wurdt.
- 1p ○ 7 Alinea 6 bestiet út twa stikken.
→ Skriuw de earste twa wurden op fan de sin dêr’t it twadde stik mei begjint.
- 1p ● 8 Yn alinea 7 hat Hilde Mulder it oer trije partijen.
Hokker partijen bedoelt se dan?
A Muzyk, teater en televyzje.
B Tryater, GCO-fryslân en de skoaltelevyzje.
C Twarres, Omrop Fryslân en Produksjehûs 'n Meeuw.
- 1p ● 9 Hoe wurdt dizze tekst mei alinea 8 ôfrûne?
A Mei in ferwachting oer Hanneke de Jong har skriuwerswurk.
B Mei in foarspelling oer it súkses fan Hanneke de Jong har nij boek.
C Mei in konklúzje oer it skriuwtalint fan Hanneke de Jong.
D Mei in oanspoaring om it boek *De lêste brief* te lêzen.
- 1p ○ 10 Yn alinea 1 stiet it wurd ‘multimediaprojekt’.
→ Mei hokker alinea begjint it tekstpart oer dat multimediaprojekt?
- 1p ○ 11 → Wat is de funksje fan de titel boppe tekst 1?

TEKST 2 PRODUKSJEHÛS 'N MEEUW: MEITSJE DY LOS FAN IT DEISTIGE

- 1p ● 12 Wat is it wichtichste doel fan alinea 1?
- A Yn it koart oanjaan wat *De lêste brief* foar in boek is.
 - B Yn it koart oanjaan wat Gooitsen Eenling fan it boek *De lêste brief* fynt.
 - C Yn it koart oanjaan wat Gooitsen Eenling fan it toanielstik *De lêste brief* fynt.
 - D Yn it koart oanjaan wat in oare krante fan it boek *De lêste brief* fûn.
- 1p ● 13 Yn de lêste sin fan alinea 2 stiet. ûnder oare dat de fynsten yn de foarstelling fan *De lêste brief* yn polonêze oer it poadium dûnsje.
Hoefolle fan dy fynsten wurde yn alinea 3 neamd?
- A 1
 - B 2
 - C 3
 - D 4
- 1p ● 14 Yn alinea 3 stiet dat de spylsters protestearje tsjin de twang fan it boek. Yn hokker part fan alinea 3 jout de skriuwer fan de tekst foarbylden fan dat protest?
- A Yn it tekstpart "Rinne de spanningen ... "Wat in kutboek!"
 - B Yn it tekstpart "Rinne de spanningen ... dy nochris spile."
 - C Yn it tekstpart "Rinne de spanningen ... dochs oannimlik."
 - D Yn it tekstpart "Rinne de spanningen ... selsmoard pleegde."
- 1p ● 15 Hokker ferbân is der tusken alinea 3 en alinea 4?
- A Foar de ynhâld fan alinea 3 wurdt yn alinea 4 in oarsaak neamd.
 - B Se foarmje tegearre in opsomming.
 - C Se foarmje tegearre in tsjinstelling.
 - D Ut de ynhâld fan alinea 3 wurdt yn alinea 4 in konklúzje lutsen.
- 1p ● 16 Yn alinea 4 stiet in opsomming. Ut hoefolle eleminten bestiet dy opsomming?
- A Ut twa eleminten.
 - B Ut trije eleminten.
 - C Ut fjouwer eleminten.
 - D Ut fiif eleminten.
- 1p ● 17 Wat fynt de skriuwer fan tekst 2 it moaiste fan de foarstelling *De lêste brief*?
- A De muzyk fan Twarres dy't sa moai yn it stik past.
 - B De taal dy't troch de spilers brûkt wurdt.
 - C It filmke dat de relaasje tusken mem en dochter typearret.
 - D It spyljen fan Tamara, Nynke en Lianne.
- 1p ● 18 In skriuwer kin yn syn tekst gebrûk meitsje fan ferskillende eleminten:
- 1 feiten
 - 2 syn eigen miening
 - 3 de miening fan in oar of fan oaren.
- Hokker bewearing past it bêste by de ynhâld fan dizze tekst?
- A De feiten en de miening fan de skriuwer komme yn dizze tekst like sterk nei foaren.
 - B De feiten komme it sterkst nei foaren yn dizze tekst.
 - C De miening fan de skriuwer komt yn dizze tekst it sterkst nei foaren.

- 1p ● 19 Wat is de foarm fan tekst 2?
A advertinsje
B artikel
C kollum
D resinsje
E ynstjoerd stik
- 1p ○ 20 Yn tekst 1 stiet yn alinea 6 oer *De lêste brief* dat it boek de basis is fan de toaniel-foarstelling.
→ Yn hokker alinea fan tekst 2 giet it foaral om it ferskil tusken it boek en it toanielstik?

TEKST 3 DE LÊSTE BRIEF: IN FOARSTELLING DY'T LÊST AS IN BOEK

Fraach 21 heart by tekst 1 (alinea 2), tekst 2 (alinea 1) en tekst 3 (fragmint A).

- 1p ○ 21 → Wat is de wichtichste oerienkomst tusken dizze trije tekstparten ast it hast oer de tematyk fan *De lêste brief*?
- Fraach 22, 23 en 24 hearre by tekst 2 en by tekst 3 (fragmint B).*
- 1p ○ 22 “Se stappe eins sichtber yn it ferhaal”, seit Guido Kleene yn fragmint B fan tekst 3.
→ Sitear in sinpart út tekst 2 dêr't út blykt dat Gooitsen Eenling dat sjoen hat yn it toanielstik.
- 1p ○ 23 Yn alinea 5 fan tekst 2 stiet: “Oeral ropt de frijheid!”
→ Sitear in sinpart út tekst 3, fragmint B, dêr't Guido Kleene itselde gefoel yn ferwurdet.
- 1p ○ 24 Yn fragmint B fan tekst 3 seit Guido Kleene ûnder oare, dat Berber it net sa aardich fynt om de ferhaallijn (fan it boek) te folgjen.
→ Sitearje in sinpart út tekst 2 dêr't deselde hâlding oan de oarder steld wurdt.

TEKST 4 JOUSTER TOER JOUT SYN GEHEIMEN BLEAT

- 1p ● 25 Wat is it ûnderwerp fan dizze tekst?
A It jubileum fan de Jouster toer.
B It jubileum fan de Jouster tsjerke.
C It jubileum fan de toer en de tsjerke.
D It jubileum fan it plak De Jouwer.
- 1p ○ 26 ‘De Jouster Toer, 375 jaar lief en leed.’ (alinea 1)
Fierderop yn de tekst wurdt útlein wat dat leed betsjut.
→ Sitearje de sin dy't dat oanjout.
- 1p ● 27 De eksposysje lit ferskate dingen sjen. Wat falt net ûnder dy útstalling?
A Aansichtkaarten
B Dokuminten
C Gedichten
D Makettes
E Skilderijen

- 1p ○ **28** → Wat wurdt yn alinea 3 bedoeld mei: 'Hy is noch altyd in beaken yn 'e Jouster kontreien'?
- 1p ○ **29** → Op hokker aparte eigenskip fan minsken doelt Hanneke Staal yn alinea 4?
- 1p ● **30** Yn alinea 5 giet it oer ferskate jubilea.
Hoefolle jubilea wurde neamd?
A 2
B 3
C 4
D 5
- 1p ● **31** Wat soe it bêste kopke foar alinea 7 wêze?
A Aktiviteiten
B Lêzing
C Priisfragen
D Toereksposysje
E Toerjubileum
- 1p ● **32** Wêr wurdt de eksposysje 'De Jouster Toer, 375 jaar lief en leed' holden?
A Yn de Jouster toer
B Yn de Jouster tsjerke
C Yn it 'Grafisch Museum'
D Yn it 'Museum Joure'
- 1p ● **33** Wêr is in priisfraach foar de bern foar útskreaun?
A Foar it bakken fan de moaiste Jouster Toer.
B Foar it meitsjen fan de moaiste kleurplaat fan de Jouster toer.
C Foar it meitsjen fan de moaiste útprinting fan de Jouster toer.
D Foar it skriuwen fan it moaiste opstel oer de Jouster toer.
- 1p ○ **34** Yn de tekst wurde mear funksjes fan de Jouster toer neamd.
→ Hokker bysûndere funksje fan de Jouster toer wurdt yn alinea 8 neamd?
- 1p ● **35** Wat is it skriuwdoel fan de tekst?
A Amusearje
B Ynformearje
C Oantrune
D Oertsjûgje

TEKST 5 WENJE YN IN STASJONSGBOU

- 1p ● **36** Wat is de funksje fan de alinea 1 (rigel 1-7)?
A Yn alinea 1 stiet de haadgedachte fan de tekst.
B Yn alinea 1 stiet de wichtichste konklúzje út de tekst.
C Yn alinea 1 wurdt oanjûn dat de tekst past yn in rige soartgelikense teksten.
D Yn alinea 1 wurdt op foarhân in gearfetting fan de tekst jûn.
- 2p ○ **37** "Dat wy binne wolris wat op 'e strún." (rigel 17-18)
→ Watfoar soarten ynformaasje leverje dy strúntochten op?
- 1p ● **38** "Foardat wy dit hûs kochten, hawwe wy yn in lytse hierwenning wenne, yn in rychje."
(rigel 27-29)
Wat soe foar Rimmert en Marijke de wichtichste reden foar de oankeap fan it Hijumer stasjonsgebou west ha?
A It stasjonsgebou hoegde net bot ferboud te wurden.
B It stasjonsgebou stie op in frij plakje.
C It stasjonsgebou wie grut.
- 1p ● **39** Wêrom hawwe Rimmert en Marijke der destiids net in stikje lân bij kocht? (rigel 25-39)
A Se fûnen dat stikje lân te lyts.
B Se hiene al 1500 kante meter grûn.
C Se hiene krekt in protte jild útgjûn foar it stasjonsgebou.
D Se tochten dat it letter wol wer te keap komme soe.